

Bydrage FNP Begrutting 2012, PS 3 nov 2011

Skôging Annigje Toering

NB allinnich de sprutsen tekst jildt !

Foarsitter,

De ekonomyske omstannichheden yn de wrâld om ús hinne hawwe in grutte ynfloed op ús provinsjale begrutting. De skôgings fan de lêste pear jier soene wy op dat punt op 'e nij jaan kinne. Lykwols, doe wie it earst noch beheind ta konkrete besunigingen op it provinsjefûns troch it bestjoersakkoart mei it Ryk. Nei it oantreden fan it nije kabinet kaam dêr noch it 'trap op – trap af' prinsipe by en swiere besunigingen op alderhande beliedsmêden. Tagelyk rint de desintralisaasje operaasje fan Ryk nei provinsjes en gemeenten. In part fan de bedraggen is wol dúdlik, mar in hiel grut part ek noch net hielendal. Lykas mei de Bleker-diskusje. Dat is in wêzentlik ferskil. Wis is wol dat it om grutte bedraggen giet dy't streekrjocht tige yngripe op it Fryske húshâldboekje. Bedraggen dêr't boppedat de útwurking op langere termyn op de ynhâld fan it belied noch perfoarst net wis is.

Ek by de Fryske gemeenten is dat sa. De ekonomyske konjunktuer hat syn effekt op it bedriuwslibben, dat reagearret troch minder te ynvestearjen of de gelegenheid brûkt om de organisaasje yngripend oan te passen. De minsken binne foarsichtich en hâlde de hân op de knip.

En as wy nei Europa en de wrâld sjogge, is it perfoarst ek noch net dúdlik wêr't it hinne giet.

Dit alles mei elkoar makket dat de ûnsekerheidsfaktor grut is. Grutter as oan it begjin fan de finansjele krisis. Dêrom foarsitter, stiet de FNP in degelik en hoeden finansjeel belied foar. Net langer strukturele saken mei ynsidinteele jild dekke. Earst besunigje, benammen op it programma Ferkear en Ferfier, mar ek op de eigen amtlike organisaasje, foardat jo nije saken begjinne. In bettere oansluting fan de begrutting op de werklik per jier nedige bedraggen en projekten, sadat wy minder hoege troch te skowen. It Fryske tafelsulver fan de NUON jilden net ferjubelje mar leaver it duorsum finansjeel rendemint dêrfan brûke. It kin fansels wêze dat in projekt foar de hiele Fryske mienskip in grut maatskiplik rendemint opsmyt oer lange jierren. Dan kin der al wat fan dat kaptaal of fan de Súderseeline-jilden brûkt wurde. Mar net sûnder glêsheldere Fryske kritearia, troch de Steaten as fertsjintwurdigers fan dy Fryske mienskip fêststeld. En nea sûnder dat de alternativen goed ôfwoegen binne.

Wat de opsinten oangiet: ferheging fan dizze belesting foar de Fryske automobilist is bliuwt foar de FNP in Ultimum Remedium. In lêste redmiddel en dat hâldt yn dat wy it litte wolle by de earder al ôfprate ynflaasjekorreksje.

Foarsitter,

Foldocht dizze begrutting oan ús easken?

Der wurdt ommers in grut bedrach fan it Fryske Marreprojekt, by ekonomy en by natuer en lânskip trochskood? En der is noch hieltyd in grutte Frije Reserve yn de VAR. Komme de keartaken fan de provinsje goed út de ferve?

Wy sjogge yn oare Europeeske regio's dat in belied om te ynvestearjen yn in leefber, grien en ekonomysk vitaal plattelân fertuten docht as jo dêr sels serieus yn ynvestearje. Dêrom komme wy mei in moasje foar in plan om de 'lytse' ekonomy yn doarpen, wiken en stêden te stimulearjen. Benammen it Fryske MKB, dochts de motor fan dizze regio, sil dêrfan profitearje. **MOASJE**

De soarch foar de Fryske natuer wurdt troch it Ryk hast hielendal by de Provinsje delllein. Der binne kânsen foar kombinaasje mei de lânbou, ek yn it nije Europeeske belied. Foar dit natuerbelied is in goed wittenskiplik ûnderboud greidefûgel ûndersyk fan grut belang. It jild dat der noch is moat ferantwurde en effektyf bestege wurde. Dêrta hawwe wy noch in **MOASJE**.

De provinsjale kearnzaak fan Fryske taal en kultuer is no beneamd, dêr binne wy as FNP bliid mei. Wy sjogge ek dat it beliedsprogramma 8 in beskieden plus krijt en dat der regaad makke wurdt yn it grutte oantal tydlike budzjetten en losse beliedsnota's. Foar guon ynstellingen dy't ta de kearn fan de Fryske ynfrastuktuer hearre hawwe wy noch in pear oanfoljende útstellen.

Om te begjinnen de Omrop. Dy wurket oan in nije Frysktalige dramasearje foar TV. Dêr moatte se foar ynvestearje, dat giet in jierbudzjet te boppe. Soe it net wat wêze en helje it bedrach foar 2013 – budzjettêr neutraal – in jier nei foaren? It wurk moat no mei faasje troch gean kinne. Foarsitter, wy lizze dêrta in **MOASJE** del.

Dan de Fryske Akademy. De plannen om de Akademy yn de UCF folweardich mei draaie te litten yn it kluster meartaligens, moat syn gerak krije. Sa ha de Steaten dat earder besluten. Fan de hiele UCF lykwols ferwachtsje wy kommend jier de earste effekten foar in stik heechwaardige wurkgelegenheid yn de kennisektor en spin-off te sjen foar Ljouwert.

Der komt hiel wat op de Provinsje ôf: de nije taalwet, de nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer, de ferhuzing fan ûnderwiisfoech nei Fryslân en it optugen fan in nij taalorgaan en Stipepunt Frysk 2.0.

Wy binne fan betinken foarsitter dat taalbelied en útfiering basearre wêze moatte op degelike aktuele wittenskiplike gegevens. Belied meitsje op basis fan feiten, net allinnich op basis fan emoasjes. En dan bedoele wy net dy goarre fan saneamde fluchhifkingen of Quick Scans nei wat minsken sizze dat se dogge mar echt djipgravend ûndersyk nei wat minsken echt dogge en sizze. Tink ek oan de bot feroare maatskiplike praktyk fan hjoed-de-dei. Lykwols foarsitter, witte jo hoe lang it lyn is dat sa'n ûndersyk dien is? Taal yn Fryslân II kaam út yn 1995 en sa'n ûndersyk nimt wol in pear jier. Wy stelle no út om opdracht ta jaan foar Taal yn Fryslân III, lykas tasein yn de taalnota 2008-2011. Dizze kearnzaak kin net sûnder, lykas wy dat by it natuerbelied ek wittenskiplik ûnderboud sjen wolle. **MOASJE**

Ta beslút, foarsitter noch it Steatekomitee Frysk. Salang't de wetlike regelingen noch yn behanneling binne, is der op dit mêd noch in soad wurk te dwaan. Ut namme fan alle partijen yn de Steaten dêrom in **MOASJE** dy't freget om dit foar de kommende jierren yn ien kear te regeljen.

Foarsitter, yn de drege ekonomyske omstannichheden en mei de grutte weagen fan besunigings en beliedswizigingen by it Ryk hat it Kolleezje it skip dochs op koers brocht. In soad kinne wy har op dit stuit noch net oanrekkenje yn dizze earste begrutting. It nije Provinsjehûs stiet der lykwols ál, in eigen projekt, en nije wike gean wy oer. Dêr kinne wy it Kolleezje yn elts gefal mei komplimintearje. De FNP is bliid mei de Fryske taal en kultuer as kearnzaak en wol ynvestearje yn ús plattelân en mienskip. Mei ferstân en de hân op de knip it skip op in Fryske koers hâlde, dat freget no aardich wat stjoermanskeunst. Wy soene sizze, kolleezje oan de slach.